

## TEKST 1

- 1p ● 1 Wat is de funksje fan alinea 1?  
A Gearfetsje wêr't de tekst oer giet.  
B Mei in anekdoate oer ûlen de tekst ynliede.  
C Oanjaan wat it ûnderwerp fan de tekst is.  
D Utlizze wat yn dizze tekst in ûleman is.
- 1p ○ 2 "Oait wie de stienûle ... in bekende ferskinning." (alinea 2)  
→ Hokker twa oarsaken wurde yn alinea 2 neamd foar it feit dat it tal stienûlen sa ôfnommen is?
- 1p ○ 3 → Sitearje in sin út alinea 3 dy't ferklearret, wêrom't jonge stienûlen sa ticht byinoar bliuwe.
- 1p ○ 4 Yn de alinea's 3 en 4 wurdt praat oer de rol fan (berm)meanen foar de ûlebeskerming.  
→ Lis út wat it doel is om bermen by ûnferhurde paden minder faak te meanen (alinea 3).  
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.
- 1p ○ 5 → Lis út wat it doel is om bermen by ferkearsdiken faker te meanen (alinea 4).  
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.
- 1p ○ 6 → Sitearje in sin út alinea 4 dêr't de oarsaak yn neamd wurdt fan it feit dat ûlen gauris slachtoffers fan it ferkear binne.
- 2p ○ 7 → Hokker 4 maatregels stelt Johan de Jong foar om ûlen tsjin it ferkear te beskermjen?
- 1p ● 8 Yn alinea 4 stiet in opsomming fan maatregels foar it behâld fan de ûlen.  
Wat is neffens De Jong de bêste maatregel?  
A Faker meane fan berms by ferkearsdiken.  
B Faker meane by ûnferhurde paden en sleatten.  
C Faker meane om de kosten te drukken.  
D Peallen fan fiif, seis meter pleatse en dêr triedden oer oanbringe.
- 1p ● 9 "Dochs binne ûlen ...." Sa begjint alinea 6.  
Hokker ferbân drukt it wurd "dochs" hjir út?  
A oarsaaklik ferbân  
B opsomjend ferbân  
C tsjinstellend ferbân  
D útwurkjend ferbân
- 1p ● 10 Dizze tekst giet oer de mei útstjerren bedrige stienûle.  
Wêrom wurdt yn dizze tekst dan sa'n omtinken jûn oan de goudûle?  
A De Jong is de oprjochter fan 'e Wurkgroep Goudûlen Fryslân.  
B De goudûle is ek in bedrige ûlesoart, mar wurdt op in oare wize beskerme.  
C De wurkgroep goudûle is âlder as de wurkgroep stienûle.  
D Sa't de goudûle rêden is, sa kin dat neffens De Jong ek mei de stienûle.

- 1p ● 11 As je alinea 8 lêze, liket de namme fan de Wurkgroep Goudûlen Fryslân feitliken gjin passende namme mear.  
Wêrom dat net?  
A It giet om alle soarten ûlen.  
B It giet om stienûlen.  
C It giet om goudûlen en stienûlen.  
D Yn Fryslân binne no wer genôch goudûlen.
- 1p ○ 12 De organisaasje fan de ûlebeskerming kin neffens De Jong noch ferbettere wurde.  
→ Sitearje in sin út alinea 9 dêr't dat út bliken docht.
- 2p ○ 13 → Hokker twa oerienkomsten binne der tusken it hjoeddeiske rêdingsplan foar de stienûle en dat út 1975 foar de goudûle?
- 1p ● 14 In skriuwer kin yn in tekst gebrûk meitsje fan de folgjende ûnderdielen:  
1 feiten  
2 de eigen miening  
3 de miening fan in oare persoan  
Fan hokker ûnderdielen makket de skriuwer gebrûk yn dizze tekst?  
A de ûnderdielen 1 en 2  
B de ûnderdielen 1 en 3  
C de ûnderdielen 2 en 3  
D de ûnderdielen 1, 2 en 3
- 1p ● 15 Wat is it wichtichste doel fan de skriuwer fan dizze tekst?  
A ferdivedearje  
B oantrúne  
C oertsjûgje  
D ynformearje

## TEKST 2

- 1p ● 16 Wat is de funksje fan alinea 1?  
A Gearfetsje wêr't it artikel oer giet.  
B Mei in anekdoate de tekst ynliede.  
C Oanjaan wat it ûnderwerp fan de tekst is.  
D Utlizze hoe't moderne boerdspullen spile wurde.
- 1p ○ 17 "Hjir steane de pionnen net mear op in plat boerd, mar tusken hege beammen..."  
(alinea 2).  
→ By hokker spultsjes steane de pionnen blykber wol op in plat boerd?
- 1p ○ 18 "... prachtige kreaasjes ..." (alinea 3).  
→ Sitearje in sinpart út alinea 2, dêr't dy kreaasjes yn omskreaun wurde.

- 1p ● **19** Yn alinea 4 fergeliket Lindeman it spul Kolonisten mei Risk. Hy fynt Kolonisten in better spultsje.  
Hokker argumint brûkt Lindeman net yn syn fergeliking?  
**A** By Kolonisten bliuwe alle spilers it hiele spultsje meidwaan, by Risk net altyd.  
**B** By Kolonisten hâlde de spilers in ridlike kâns op winst, by Risk net.  
**C** Kolonisten is ynteraktyf, Risk net.  
**D** Risk duorret langer as Kolonisten.
- 1p ● **20** By in fergeliking wurde faak saneamde synjaalwurden of -begripen brûkt.  
Hokker synjaalwurden/-begripen wurde by de fergeliking tusken de spultsjes Kolonisten en Risk brûkt?  
**A** "... neffens ..." en "Tuskentiids ..." (alinea 4)  
**B** "Oars as by" en "... oars as ..." (alinea 4)  
**C** "Troch ..." en "Ynstee fan ..." (alinea 4)
- 1p ○ **21** Sawol yn alinea 4 as yn alinea 5 wurde spultsjes mei-inoar fergelike.  
→ Wat is it ferskil tusken de fergelikings yn alinea 4 en dy yn alinea 5?
- 1p ○ **22** By Kolonisten moat in beskaving opboud wurde. (sjoch alinea 4).  
→ Sitearje in sinpart út alinea 5 dêr't út bliken docht, dat by it spultsje Carcassonne ek in beskaving opboud wurde moat.
- 1p ○ **23** → Hokker wichtich ferskil tusken de moderne boerdspullen en de klassike boerdspullen neamt Lindeman yn alinea 5?
- 1p ● **24** Wat is in wichtige oerienkomst tusken Carcassonne en Warhammer?  
**A** Beide spullen binne ienfâldich te spyljen.  
**B** Beide spullen binne te winnen mei in protte mazzel.  
**C** Beide spullen duorje like lang.  
**D** Beide spullen gean om it krijen fan macht.
- 1p ○ **25** → Fan hokker spullen binne farianten te krijen?
- 1p ● **26** Wat is it ferbân tusken de alinea's 4 oant en mei 7?  
**A** ferklearjend  
**B** konkludearjend  
**C** opsomjend  
**D** tsjinstellend
- 1p ● **27** Mei it skriuwen fan in tekst kin in skriuwer ferskillende doelen ha.  
Wat is it wichtichste skriuwoel fan dizze tekst?  
**A** ferdivedearje  
**B** oantrúne  
**C** oertsjûgje  
**D** ynformearje
- 1p ● **28** Foar hokker publyk is dizze tekst benammen skreaun?  
**A** foar bern  
**B** foar folwoeksenen  
**C** foar jongerein

## TEKST 3

- 1p ● 29 Wat is de funksje fan alinea 1?  
A Gearfetsje wêr't it artikel oer giet.  
B Mei in anekdoate de tekst ynliede.  
C Oanjaan wat it ûnderwerp fan de tekst is.  
D Utlizze wat it wurk fan it Moby Medysk Team is.
- 1p ● 30 De titel fan dit artikel is: "Wurkje op 'e traumahelikopter".  
Hokker aspekt fan dit wurk wurdt yn alinea 2 fierder útwurke?  
A de feilichheid fan de bemanning  
B de medyske helpferliening  
C it Moby Medysk Team  
D it wurk fan de piloat fan de traumahelikopter
- 1p ○ 31 → Neam twa ferskillen tusken de ynsetmooglikheden fan in helikopter-MMT en in ambulânse-MMT.
- 1p ○ 32 → Neam de oerienkomst tusken in helikopter-MMT en in ambulânse-MMT.
- 1p ● 33 Wat is de taak fan it traumahelikopterteam?  
A Alle pasjinten sa gau as mooglik nei it sikehûs te ferfieren.  
B By dei en by nacht klear stean om medyske help te ferlienen.  
C Medyske help te ferlienen op it plak fan it ûngemak.  
D Safolle mooglik it wurk fan de ambulânse oer te nimmen.
- 1p ● 34 De tekst giet oer medyske helpferliening.  
Hokker 2 alinea's geane benammen oer it fleanen mei in traumahelikopter?  
A alinea 2 en 3  
B alinea 2 en 4  
C alinea 2 en 5  
D alinea 2 en 6
- 1p ● 35 Wat past it bêste as kopke boppe alinea 5?  
A De ferpleechkundige as piloat  
B Earst navigearje dan helpferliene  
C It heli-team is altyd paraat  
D Oanfolling op de ambulânsesoarch
- 1p ○ 36 Yn alinea 6 wurdt praat oer de 'gouden oere'.  
→ Sitarje in sin út alinea 3, dêr't yn omskreaun wurdt wat der yn dy oere bart.
- 1p ● 37 In skriuwer kin gebrûk meitsje fan:  
1 feiten  
2 syn of har eigen miening  
3 de miening fan oaren  
Wêr makket de skriuwer fan dizze tekst gebrûk fan?  
A 1 en 2  
B 1 en 3  
C 1, 2 en 3  
D 2 en 3

- 1p ● 38 Wat is it wichtichste doel fan de skriuwer fan dizze tekst?
- A ferdivedearje
  - B oantrúnje
  - C oertsjûgje
  - D ynformearje

## TEKST 4

- 1p ○ 39 It Wetterskip Fryslân moat soargje foar in goede kwaliteit fan it oerflaktewetter yn de provinsje. (sjoch r.1)  
→ Wat is it wichtichste middel foar it Wetterskip om dat doel te berikken?
- 1p ○ 40 It Wetterskip tinkt dat planten en bisten ek in nije kâns krije. (sjoch r. 3)  
→ Hoe wol it Wetterskip dat berikke?
- 1p ● 41 Wêr ferwiist it synjaalwurdsje 'ek' yn 'ek in nije kâns' (r. 4) nei?
- A Nei 'in fariearre begroeiing' (r. 3)
  - B Nei 'skjin wetter' (r. 3)
  - C Nei 'ôffalwetter' (r. 2)
  - D It is net dúdlik wêr't dit wurd nei ferwiist.
- 1p ● 42 Wat is it wichtichste skriuwdoel foar dizze advertinsje?
- A De lêzer oantrune it wurk fan it Wetterskip Fryslân finansjeel te stypjen.
  - B De lêzer oertsjûgje fan it nut fan in organisaasje as Wetterskip Fryslân.
  - C De lêzer ynformearre oer de organisaasje fan Wetterskip Fryslân.

## TEKST 5

- 1p ● 43 Hokker útspraak is neffens dizze tekst wier as der sjoen wurdt nei de ynhâld fan de Skriuwkalinder?
- A Der steane ferhaaltsjes, lieten en gedichten op.
  - B Der steane lieten, gedichten en yllustraasjes op.
  - C Der steane riedsels, yllustraasjes en lieten op.
- 1p ○ 44 → Is dizze tekst bedoeld foar folwoeksenen of foar bern?  
Lis dyn kar út. Brûk dêr maksimaal 10 wurden foar.
- 1p ○ 45 Yn dizze tekst wurdt net allinne fan feiten praat.  
→ Sitearje in sin dy't dat dúdlik makket.
- 1p ○ 46 Yn dizze tekst wurdt net allinne fan feiten praat.  
→ Sitearje in wurd dêr't dat út blykt.  
It wurd mei net út de sitearre sin (by fraach 45) komme.
- 1p ● 47 Wat is it wichtichste skriuwdoel fan dizze tekst?
- A De lêzer oantrune om de Skriuwerskalinder te keapjen yn de Sutelaksje.
  - B De lêzer oertsjûgje fan de kwaliteit fan de ynhâld fan de Skriuwerskalinder.
  - C De lêzer ynformearje oer de ynhâld fan de Skriuwerskalinder.